

SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	<p>De Rouwe</p> <p>Underwerp [Skiermûntseach en eigen regeljouwing Fryslân sirkulêre ekonomy]</p>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Yn juny ferline jier is in lobby op gong brocht¹ om fan Fryslân in 'sirkulêre proeftún' te meitsjen op it mêd fan sirkulêre ekonomy. Wichtichste pleit is om foar Fryslân útsûnderings mooglik te meitsjen op dat mêd, mei oare of minder regels. De FNP-fraksje freget him ôf yn hoefier it regear cq de Twadde Keamer dêr earen nei hawwe. Yn it PS-stik by it Beliedsbrieff Sirkulêre ekonomy stiet wat dat oangiet klip en klear: 'De transysje-aginda's fan VCF (Feriening Sirkulêr Fryslân) meitsje dúdlik hokker wet- en regeljouwing weinommen wurde moat. Dêr't dat mooglik is biede wy romte foar eksperiminten. De eilannen sjogge wy as ynteressante foarbylden'.</p> <p>Yn it ferlingde fan dat stribjen is der in konkreet foarbyld op Skiermûntseach: de 'selspluktún' <i>De Tuin naast de branding</i> wol graach mear kompostearje as it wetlike maksimum fan 3m³ per jier, mar dan wurde se sjoen as in ôffalferwurkjend bedriuw mei allegear ekstra wet- en regeljouwing. Se wolle dêr graach it skjinne grienôffal fan de gemeente Skiermûntseach ferwurkje, mar dat is bûten wat blêdôffal no dus net mooglik fanwegen de wetlike beheining. Alle grienôffal fan de gemeente giet no mei de boat nei de wâl ta en de selspluktún moat oarsom wer allegear kompost fan de wâl helje omdat se dat nedich hawwe as befruchting fan de tún. De FNP freget him ôf oft dat net oars kin. En dan mooglik net allinnich op Skiermûntseach mar op alle eilannen. Mei it feroarjen fan de regels kin sa in grutte sprong makke wurde nei in sirkulêre ekonomy op de eilannen en dêrmei foar hiel Fryslân.</p> <p>Neffens ús jout it Beliedsbrieff Sirkulêre ekonomy dêr ek in tal oanknopingspunten foar: 'Lânbou sil in wichtige rol spylje yn de winske oergong nei de sirkulêre ekonomy dy't wy foarsteane'. En op side 9: 'Draachflak is in wichtige betingst foar sirkulêre ekonomy. Lokale inisjativen spylje dêrby in wichtige rol'.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Hoe stiet it mei de lobby yn polityk-Den Haach om foar Fryslân oare of minder regels te realisearjen op it mêd fan de sirkulêre ekonomy? Yn hoefier is it regear of is de Twadde keamer ree om dêr yn mei te gean? Sa ja, kinne jo ús ynformearje oer it ferfolch? Sa nee, kinne jo harren arguminten werjaan wêrom't it pleit fan Fryslân foar 'wetjouwing op maat' foar de Fryske situaasje net honoerarre wurdt? 2. Is DS it mei ús iens dat by súkses stribbe wurde moat nei in permaninte ôfwiking fan regels, as dat yn it belang is fan in sirkulêre ekonomy en it fierder gjin skealike/negative by-effekten hat? 3. Is DS it mei ús iens dat sirkulêre oplossings op de eilannen ekstra nijsgjirrich binne, mei it each op de lange en dêrtroch djoerdere en minder miljeufreonlike transportbewegingen?

¹ <http://www.lc.nl/friesland/Omrin-directeur-Vernooij-in-Kamer-maak-van-Friesland-circulaire-proeftuin-22285617.html>

	<p>4. Is it Kolleezje fan DS ree om him te ferdjipjen yn it boargerinisjatyf op Skiermûntseach om dêr op it eilân sels skjin grienôffal te kompostearjen? Sa nee, wêrom net? Sa ja, binne jim dan ek ree om mei Omrin te oerlizen oer dy mooglikheid én mei de ynspeksjes of Ministearjes foar in ôfwiking fan de regels op it mêd fan de ôffalferwurking yn it belang fan de sirkulêre ekonomy?</p>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP, S. Posthumus
---------------	--

Datum	31-1-2018
-------	-----------